

Jierferslach 2017

Ynhâld

	side
1. Ynliding	1
2. Fan de foarsitter	2
3. Doelstellings en maatskiplike ynbêding	2
4. Produktferslach	3
a. Aktiviteite-aginda	..
b. Gearwurking	..
c. Dielname oan (ynter)Fryske aktiviteiten	..
d. Webstek en publisiteit	..
5. Organisaasje	4
a. It bestjoer	..
b. Roaster fan ôfgean	..
6. De Ynterfryske Rie	6
7. Jierrekken	7

1. Ynliding

Foar jo lizze de jierstikken fan de *Fryske Rie* oer it jier 2017, besteande út in ferslach fan de aktiviteiten en de jierrekken oer 2016, mei de steat fan baten en lêsten en de balâns fan 31 desimber 2017.

Fan 't jier waard ek wer wurke oan de doelen út it karbrief sa as neamd yn haadstik 3.

Reguliere útwikselings hawwe der yn it ferslachjier net west. Der is wol in frij yngripende wiziging yn it bestjoer ta stân kommen.

Út namme fan de Fryske Rie,
Kerst Huisman, skriuwer

Ljouwert, 21 july 2018

2. Fan de foarsitter

Foarwurd fan de Foarsitter,

Myn earste foarwurd foar de Fryske Rie. As fertsjintwurdiger fan de VFG (Vereniging Friese Gemeenten) kaam ik yn oanrekking mei de Fryske Rie. Ik hie wolris mei west nei in bestjoerdersmoeting mar fierder wie ik noch net op de hichte fan wat de Fryske Rie allegear út de wei sette. Dat is no wol oars. Foarich jier hawwe wy healweis it jier ôfskie naam fan de foarige foarsitter Roel Kaastra en skriuwer Anton van der Ploeg. Ik waard troch de leden fan de Fryske Rie frege om it foarsitterskip op my te nimmen en ik haw dat tasein.

In nije foarsitter, in nije tiid? As ik sa weromsjoch nei 2017 moat ik sizze fan Ja! Want ek yn de Fryske Rie brekke oare tiden oan. Wy sjogge de dielname fan guon meetings weromrinnen en nije inisjativen ûntstean. En dus binne wy ek dwaande om te sjen hoe't de Fryske Ried dizze nije tiid ynsette kin om troch te setten mei de doelstelling de Fryske Kultuer troch middel fan ynternasjonale kontakten te fersterkjen. En de kontakten tusken de trije Fryslannen te fersterkjen.

Ien fan de nije aktiviteiten wie de tarieding foar de Tuhuupe Luupe, in fytstocht fan Bredstedt nei Ljouwert yn 2018. Yn oarbeidzjen mei de provinsje is der wurke oan de tarieding hjirfan.

Ek hawwe wy diskusearre oer in ferbreiding/ profesjonalisearring fan de Fryske Rie. Dat kriget yn 2018 in ferfolch. Al mei al hat 2017 in restich jier west mei meetings mar binne der inkele stappen set nei in Nije Fryske Rie.

Ik wol de leden fan Fryske Rie tige tank sizze foar harren krewearjen en meitinken en sprek de hoop út dat wy de kommende jierren fleurich mei elkoar oarbeidzje meie.

“De hoed ôf foar juster en de mouwen opstrûpt foar hjoed”

Pytsje de Graaf

3. Doelstellings en maatskiplike ynbêding

It doel fan de Fryske Rie (oerset út it karbrief):

- it ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer yn de brede betsjutting, mei help fan ynternasjonale kontakten en troch it skeppen en ûntwikkeljen fan de middels dy't sokke kontakten mooglik meitsje;
- oare Europeeske regio's yn de kunde te bringen mei de Fryske kultuer en it meiwurkjen oan it presintearjen fan de kultuer fan oare Europeeske regio's yn de eigen provinsje;
- it stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa troch it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio's;
- it befoarderjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken;
- benammen it befoarderjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.

De gearstalling (ek oerset út it karbrief):

It bestjoer fan de stifting bestiet op syn minsten út fiif en op syn heechst út fyftjin persoanen,

dy't, as it kin, foardroegen wurde troch de neifolgjende organisaasjes of harren rjochtsopfolgers:

- ien troch de organisearre lânbou;
- ien troch de Fryske frouljusorganisaasjes;
- ien troch de Fryske Akademy;
- ien troch de Feriening fan Fryske Gemeenten;
- ien út of foar de Fryske jongerein;
- ien út of foar it ûnderwiis yn Fryslân;
- ien út it Frysk tsjerklik fermidden;
- ien út it Fryske bedriuwslibben;
- ien út de Fryske sportwrâld;

Dêrneist kinne ek oaren dy't in positive ynbring hawwe kinne by it realisearjen fan de doelen, streekrjocht beneamd wurde troch it bestjoer fan de Fryske Rie. Neist bestjoersleden kinne der minsken oanwiisd wurde as dielnimmer.

By de gearstalling fan it bestjoer wurdt stribbe nei in brede fertsjintwurdiging fan de Fryske befolking.

4. Produktferslach

a. Aktiviteite-aginda

De (Ynter)fryske Rie hat in aktiviteite-aginda, dy't yn 'e regel foar in tal ûnderwerpen jierren yn 't foar fêststeld wurdt. Der binne tradisjoneel ferskate soarten reguliere aktiviteiten:

- ❖ It Ynterfrysk Kongres, dat fan 1925 ôf plakfynt en sûnt de jierren fyftich om 'e trije jier holden wurdt, ôfwikseljend yn ien fan de Fryslannen. Yn 2021 is it kongres yn Westerlauwersk Fryslân.
- ❖ It 'Friesendroapen' (earder de 'Sternfahrt der Friesen') op Hilgelân, in kultureel evenemint om 'e trije jier, mei artysten út alle Fryslannen. Dat barren fan Westerlauwerske en Noard- en East-Friezen is en wurdt holden foar in breed publyk út de trije Fryslannen. Yn 2019 is it wer sa fier.
- ❖ De reguliere útwikselings; moetingen fan de beropsgroepen, dy't yn de Fryske Rie fertsjintwurdige binne, ôfwikseljend yn ien fan de trije Fryslannen. It ôfrûne jier binne der gjin moetingen holden.
- ❖ Alle jierren op 'trede pinksterdei' fynt yn Rahe, by Auwerk/Auerk (Aurich) in betinking plak fan de Fryske frijheid, sa as dy fan âlds bestien hat, by de *Opstalsbeam*. Ut de Fryske Rie wei binne dêr ek fertsjintwurdigers by oanwêzich.

De jierlikse moetingen jouwe by útstek mooglikheden om mei minsken fan bûten ús provinsje yn kontakt te kommen en ek oaren priuwe te litten oan ús Fryslân en ús Fryske taal. It is dan ek dúdlik dat wy mei dy aktiviteiten bydrage oan de doelstellings fan de provinsjale beliedsnota 'Grinzen oer', te witten it stypjen fan de Fryske taal en kultuer. Spitigernôch wienen der yn it ferslachjier gjin moetingen. De Rie sil him derop tige beriede moatte wat de oarsaken dêrfan binne en wat dêroan dien wurde moat. In soad enerzjy hat de Rie lykwols stutsen yn de tariedingen ta de Tehuupelupe, de komst fan 50 Noardfriezen op de fyts nei KH 2018.

b. Gearwurking

It Europeesk buro foar Lytse Talen

De Fryske Rie is ien fan de ynstânsjes dy't in sit hat yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), dat by Mercator yn de Fryske Akademy ûnderbrocht is.

It FYK en Ried fan de Fryske Beweging

De Fryske Rie is stiper fan it FYK (jongereinferiening ‘Frysk Ynternasjonaal Kontakt’) en lid fan de Ried fan de Fryske Beweging. Ut namme fan de *Fryske Rie* hat Sytze T. Hiemstra in sit yn de Ried fan de Fryske Beweging.

c. Dielname oan (ynter)Fryske aktiviteiten

Jierlikse Moeting fan de Friezen by de Opstalsbeam.

d. Webstek en publisiteit

De Fryske Rie en de Ynterfryske Rie kundigje har moetingen oan en dogge ferslach fan harren aktiviteiten op www.fryskerie.frl (de ekstinsje frl hawwe wy dit jier ynfierd) en www.interfriesischerrrat.de. Dêr wurdt ek in ynfolling mei jûn oan it produkt ‘publisiteit’ fan de provinsje.

5. Organisaasje

a. It bestjoer

De gearstalling fan it algemien bestjoer fan de Fryske Rie is regele yn it yn 2015 oanpaste karbrief. Op basis fan it nije karbrief kinne der noch oare leden oan it algemien bestjoer tafoege wurde. Bygelyks in fertsjintwurdiger út it sportfermidden.

It bestjoer fan de Fryske Rie (tagelyk seksje West fan de Ynterfryske Rie) hie ein 2017 de neikommende gearstalling:

- * Pytsje de Graaf, foarsitter, Deistich Bestjoer
- * Kerst Huisman, skriuwer, Deistich Bestjoer
- * Lolke T. Folkertsma, ponghâlder, Deistich Bestjoer
- * Sybren Dyk, Fryske Akademy
- * Sytze T. Hiemstra, Frysk ûnderwiis
- * Jeltsje van der Mei, frouljusorganisaasjes Passage Fryslân en BVPF Vrouwen van Nu
- * Sjoerd van der Schaar, LTO Noord
- * Gelkje Schotanus, bedriuwslibben
- * Marja ten Bruggencate, jongerein

Dielnimmer oan de Rie:

- * Jetze Dijkstra fan Aduard, argyfwurk en bysûndere aksjes.
- * Ridzerd Elsinga út Burgum, fertsjintwurdigt de Fryske tsjerken

It roaster fan ôfgean sjocht der as folget út:

Beneamd:

Giet ôf:

2006/2010/2014	(febr.) Sytze Hiemstra	2018
2010/2014	(sept.) Jeltsje van der Mei	2018
1997/2007/2010/2014	(sept.) Sjoerd van der Schaar	2018
2003/2007/2011/201	(febr.) Kerst Huisman	2019
2007/2011/2015	(nov.) Siebren Dijk	2019
2014	(feb.) Pytsje de Graaf	2018
2014	(des.) Gelkje Schotanus	2018
2015	(maaie) Lolke Folkertsma	2019
2016	(septimber) Marja ten Bruggencate	2020

Ôfgeande leden binne daliks op 'en nij foar 4 jier te beneamen of werkiesber.

b. Gearkomsten

It bestjoer fan de *Fryske Rie* hat yn 2017 fiif kear by inoar west, nammentlik op 15 febrewaris, 19 april, 7 juny, 19 septimber en 21 novimber. Wichtich wie de diskusje oer hoe't it no fierder moat mei de Fryske Rie.

De Westfryske seksje fan de Fryske Rie krige it yn de maitiid te stellen mei grutte swierrichheden. Dat kwam omdat twa leden fan it deistich bestjoer, foarsitter Roel Kaastra en skriuwer Anton van der Ploeg betanken foar har funksje. Der moasten foar dizze wichtige funksjes twa nije kandidaten komme. Lokkich stelden Pytsje de Vries en Kerst Huisman har beskikber om dizze wichtige taken op har te nimmen, sadat it rinnende wurk fan de Fryske Rie trochgong fine koe. De Vries waard foarsitter, en Huisman skriuwer.

In soad omtinken fan de Westfryske Rie is it ôfrûne jier gien nei de tocht fan fytsers fanút Noard-Fryslân nei Ljouwert, Europeeske Kulturele Haadstêd 2018. De seksje West koe, yn ferbân mei de bestjoersproblemen, net de organisaasje by de ûntfangst yn Fryslân op 'e noed nimme, mar woe wol funfeargje as formeel oansprekpunt. Aldergeloks hat de provinsje Fryslân dit sportive enemenmint stipe, sadat it okkerdeis op de earste pinksterdei mei de yntocht yn Ljouwert as in grut súkses ôfsletten wurde koe. Soks hat wol yn him om in nije tradysje te wurden.

Dêr bestiet ek ferlet fan, want net elke tradysje, dy't de Fryske Rie safolle jierren mei súkses yn stân holden hat, rint sa goed mear. De iennichste moeting, dy't eins noch regelmjittich plakfynt, is dy fan de plattelânsfroulju. Oare moetingen komme soms wol ta stân, mar sporadysker. Mei de boeremoetingen, dy't sa lang tsjinnen as in gaadlik foarbyld fan goed funksjonearjen fan de Rie, giet it de lêste jierren net goed. De lêste boeremoeting dy't wol op priemmen set wie, koe gjin trochgong fine, fanwege it folslein ûntbrekken fan dielnimmers út Noard-Fryslân. Dêrom hat de Westfryske seksje fan de Fryske Rie him yngeand dwaande holden mei de mooglikheden om te kommen fan in ferbreiding fan de Rie, troch dêryn nije groepen út it maatskiplik fjild yn de Fryske lannen op te nimmen.

Foarop stie dêrby de oanname, dat lytsere regionale mienskippen mei in sterke sosjale kohesje polityk fuortsterke wurde moatte, mei (folle) mear sizzenkip oer har eigen afferen. Der moat yn Europa in politike fernijing plak fine, dy't rjocht docht oan sawol it meisprek- en beslissingsrjocht fan regio's as Fryslân en oan de struktuer fan de nasjonaalsteaten. Foar ús eigen wurk yn de Rie is it needsaaklik, mei foarrang te kommen ta in útwreiding njonken de al besteande inisjativen. Hjirmei kin in oanmerklike ferjonging fan ús oanhing ûntstean.

Dêrby falt bygelyks te tinken oan: de koperative winning fan duorsume enerzjy, it buorkjen op sûne grûn, de wrâld fan banken en fersekeringsmaatskippijen, it bedriuwslibben, wurknimmersorganisaasjes (fakbeweging), sport, muzyk en de wrâld fan de Fryske kompjouter-tsjoenders (nerds, White Hats)

Om nije taken en de ferbreiding fan de Rie oan te kinnen, sil stribbe wurde moatte nei in professionalisearring fan de Ynterfryske Rie. Ut de mienskiplike aktiviteiten fan de yn 1998 oprjochte Ynterfryske Rie hat bliken dien dat in professionalisearring doel hat. Der binne yn prinsipe de jierlikse moetingen fan (plattelâns)froulju, gemeentebestjoerders, jonge boeren en ûnderwiiskundigen, wylst ek al besocht is, fertsjintwurdigers fan it bedriuwslibben by elkoar te krijen. Ek wurde yn dit ferbân de sektoaren kustfiskerij en kusttoerisme neamd, wylst ek de

útbou fan de politike kontakten sinfol liket yn it ramt fan de saneamde Noardsee-gearwurking. Dit kin lykwols allinnich slagje mei in fêst buro, dat by foarkar ûnderdak fine kinne soe by de Ostfriesische Landschaft in Auerk. Us Rie is akkoart mei de oprjochting fan sa'n buro.

6. De Ynterfryske Rie

(Interfriesischer Rat): www.interfriesischerrat.de

De *Ynterfryske Rie* (YFR) is de koepel dêr't alle trije Fryske Rieden lid fan binne. Se wurde yn dat ferbân oantsjut as de seksjes Noard, East en West.

It *algemien bestjoer* bestiet út alle leden fan de algemiene bestjoeren fan de trije Fryske Rieden. Dat betsjut dus dat alle leden fan de Fryske Rie dêryn sitte. Yn juny fan it foarige jier binne it foarsitterskip en it skriuwerskip fan Noard- Fryslân oergien nei East-Fryslân. Foarsitter is Helmut Collmann en 'tydlik Geschäftsführer' Arno Ulrichs út Simonswolde by Auwerk. Yn 2018 sille wy it foarsitterskip en it skriuwerskip wer foar trije jier krije.

It *deistich bestjoer* (de 'Vorstand') bestiet út 2 leden fan eltse seksje. Sûnt juny 2015 binne dat: Helmut Collmann en Arno Ulrichs fan East-Fryslân, frou Ilse Johanna Christensen en frou Inken Völpel-Krohn fan Noard-Fryslân. Foar ús Fryslân hawwe Pytsje de Graaf en Kerst Huisman in sit yn de Vorstand. It deistich Bestjoer fan de Ynterfryske Rie hat yn 2017 twaris byinoar west. De gearkomsten wienen

De *Fryske Rie* hat twa susterorganisaasjes, dy't mei de Fryske Rie de *Ynterfryske Rie* foarmje. It binne:



Freeske Raad/ Fräiske Rääid Sektion Ost

De seksje East (Friesenrat) is sûnt 2017 sa gearstald:

- * Arno Ulrichs, foarsitter; (fertsjintwurdiger fan it Friesisches Forum), lid Vorstand YFR;
- * Helmut Collmann, fise foarsitter; (fertsjintwurdiger fan de Ostfriesische Landschaft), lid Vorstand YFR;
- * Volker Landig, ponghâlder; (fertsjintwurdiger fan de Oldenburgische Landschaft en Jeverländer Altertums- und Heimatverein);
- * Peter Brauer; (fertsjintwurdiger fan it Ostfriesisches Klootschießverbund);
- * Gerhard Cordes; (fertsjintwurdiger fan de Ostfriesische Landjugend);
- * Uta Mansholt; (fertsjintwurdigster fan de Ostfriesische Landfrauen);
- * Wolfgang Meiners; (fertsjintwurdiger fan de Rüstringer Heimatbund);
- * Dieter Osterndorff; (fertsjintwurdiger fan de Landesstube des alten Landes Wursten);
- * Georg Pahl; (fertsjintwurdiger fan de Seelter Buund);
- * Michael Tegge; (fertsjintwurdiger fan de Verein Mittelalterlicher Friesenhof Cappel-Neufeld);

sekretariaat: Fakatuere



De seksje Noard wie yn 2017 sa gearstald:

- * Ilse Johanna Christiansen (fertsjintwurdichster fan de Friisk Foriining), foarsitter, lid Vorstand YFR;
 - * Heinrich Bahnsen (fertsjintwurdiger Norxfriesische Verein), fise-foarsitter;
 - * Frank Botter (fertsjintwurdiger fan de gemeente Hilgelân);
 - * Gudrun Fuchs (fertsjintwurdichster fan de Friisk Foriining);
 - * Hans-Georg Hostrup, (fertsjintwurdiger Heimatbund Landschaft Eiderstedt);
 - * Maren Jessen (fertsjintwurdiger fan de Nordfriesische Verein), ponghâlder;
 - * Jens Quedens (fertsjintwurdiger Öömrang Ferian);
 - * Carl Rickmers (fertsjintwurdiger fan de Nordfriesische Verein);
 - * Inken Völpel-Krohn (fertsjintwurdichsterer fan it Nordfriisk Instituut);
- Sekretariaat: Frank Nickelsen (Geschäftsführer) en Anni Karnebogen (meiwurkster).

7. Jierrekken

Steat fan baten en lêsten 2017 Fryske Rie mei taljochting

JIERREKKEN FRYSKE RIE 2017

ynkomsten

provinsje € 4.500,00

Utjeften

Bankkosten	€ 207,98
Webside	€ 369,29
Publisiteit/Burokosten e.d	€ 245,30
Nordwin	€ 550,00
Bestjoerskosten	€ 131,37

Mei inoar oan útjeften € 1.503,94

Begjinsalda fan de bank € 6.606,30 + ynkkomsten € 4.500,-- minus útjeften € 1.503,94 makket in saldo fan € **9.602,36** (konfoarm de bankbeskieden)

Dernjonken haw wy noch in sparrekken mei in saldo fan € **7.388,64**.

Mei inoar dus € **16.991,00**.